

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Schrier Underwerp: Húsdokters
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	De provinsje hat op dit stuit gjin wetlike sizzenkip oer de sprieding fan soarchfoarsjennings, mar wol ferlet fan foldwaande sprieding fan soarchfoarsjennings foar de ynwenners fan Fryslân. Yn de eigen ynventarisaasje, troch it kolleezje, fan de sprieding fan soarch en soarchfoarsjennings, kinne wy lêze dat, (n.o.f. it sinjaal fan de húsdokters om by te dragen oan it promoaten fan Fryslân om foldwaande húsdokters yn Fryslân te hâlden) hja dit sinjaal útwurkje sille.
Fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hoe sjocht de útwurking fan dit sinjaal fan de húsdokters der konkreet út? 2. Kin it kolleezje oanjaan hoe grut it tekoart oan húsdokters op dit stuit en yn de tichteby takomst is? Kinne jo benammen yngean op de aktuele situaasje fan de stêd Ljouwert, dêr't sprake is fan in grut tekoart? 3. Hokker lobby nei de Twadde Keamer is konkreet ynsetten wat dizze matterje oanbelanget ? 4. Hokker rol kin de provinsje spylje om yn gearwurking mei it MCL in soarte fan arbeidsburo op te starten foar medisyn? 5. De ôfdieling Noard Húsdokterskring Fryslân jout oan dat de provinsje Fryslân mear en better promoate kinne soe wat Fryslân's "goud" oanbelanget: wettersport, LF2018, ensfh. Kin it kolleezje oanjaan hoe't hja dat oppakt en útwurket ? 6. Kin it kolleezje oanjaan wat de mooglikheden binne op it mêd fan bestimmingsplannen en húsfêsting om mear húsdokters nei Fryslân te helje ? 7. Kin it kolleezje oanjaan oft en yn hoefier boppesteande problematyk ek foar medysk spesjalisten jildt ? Mei oare wurden; kriget Fryslân ynkoarten ek te krijen mei in tekoart oan medysk spesjalisten ? Sa ja: wat sil de provinsje dêr konkreet oan dwaan giet.
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Corlienke de Jong

Datum

09 oktober 2017